

TENTOANSTELLING OP 13/14 OKTOBER 2018;

Winkels en bedriuwen yn Drachtster Kompenije eartiids

Hjoeddedei binne der yn de lytse doarpen folle minder winkels te finen as eartiids. Bakkerijen, slachterijen, krudeniers, kleanwinkels: yn de lytse doarpskearnen binne se fierhinne ferdwûn. Ek ambachtlike bedriuwen lykas dy fan de smid, ferver, timmerman en fytsmakker binne der no minder as bygelyks fyftich jier ferlyn. Drachtster Kompenije is dêr gjin útsûndering op.

De Histoaryske Kommissje Drachtster Kompenije (HKDK) wijdt op **saterdei 13 oktober** en **snein 14 oktober**, de middeis fan **14.00 - 17.00**, in útstalling oan bedriuwen en winkels dy't eartiids yn de Kompenije festige wienen.



Oan de hân fan ûnder oare âlde rekkens, kranteberjochten en foto's wurdt in byld sketst fan de middenstân út it ferline.



Plak: yn de units achter de Aldheidskeamer op it Fallaet nr 17.

Elkenien is tige wolkom, de tagong is fergees.